

De iene sprong seit lykwols de oare net. Ek yn de ljepperswrâld binne forrassingen net útsletten. J. Wynia fan Wurdum hat dat yn foargeande jierren op de topwedstriid fan it Frysk Ljep-persboun sjen litten en nou hat Valke-ma dat dus op tige oertsjûgjende wize dien. Nei syn sprong wie it folk oer-stjûr! Hwat wie 'd er yn 'e pols op klommen en hoe hie 'd er him doe mei de foet tsjin de pols ôfset om as oan in parachute del to kommen.

In 2500 man sieten om it kamplak, kâld fan bûten, mar net fan binnen. Dat lêste is nou ienris net mooglik yn Win-sum, hwant de sfear is dêr tige. Stiif waeiden de pompeblêdden fan de toer, like stiif yn de wyn stiene de flaggen om de St. Japik. De noch nije Baerde-radielster, de Fryske, de Amsterdamske (der wiene wer gasten út de haed-stêd) en it read-wyt-en-blau. Dy lêste kin net mear ûntbrekke, hwant it Frysk ljeppersfeest is ek in lannelik feest. Fanwege de taskôgers, mar nou ek troch de meidoggers. Sawn ljeppers út de omkriten fan Gouda stiene op de list. Hja ha goed ljept, mar de technyk moat noch effen better om yn de prizen komme to kinnen. De útslach fan de kam-pioensljepperij is al meidield, de prizen fan de ljepperij yn de ûnderskate klas-sen wiene foar: o.e.m. 15 jier: (9 mei-doggers). 1. Kl. Bakker, Wânswert 10,83; 2. Fr. Elzinga, Readtjerk 10,29; 3. M. de Haan, Minnertsgea 9,45 mtr.

**16 o.e.m. 18 jier:** (16 meidoggers) 1. H. Noordstra, Oentsjerk 12,02; 2. J. Dijkstra, Mounain 11,93; 3. B. Dijkstra, Himmelum 11,11 mtr.

**19 o.e.m. 30 jier:** (17 meidoggers) 1. R. B. Span, Stiens 12,30; 2. J. Wynia, Wurdum (kening yn 1959, 1960 en 1961) 11,49; 3. G. Valkema, De Jouwer 11,44 mtr.

**31 o.e.m. 40 jier** (4 meidoggers) 1. W. Abma, Jidskenhuzen 11,12; H. Koning, Jorwert 10,48; 3. H. Roorda, Froubuorren 10,30 mtr.

**41 jier en âlder** (3 meidoggers) 1. F. Ozinga, Drachten 9,47; 2. J. Faber, Froubuorren 9,45; 3. S. Woudstra, Aldtsjerk 9,24 mtr.

**Fammen** (7 meidochsters) 1. H Penninga, St. Anna 9,48; 2. J. de Jong, Jidskenhuzen 8,89; 3. J. Hoekstra, Wur-dum 8,77 mtr.



*Juffer H. Penninga (17 jier) fan Sint Anneparochy is foar de tredde kear kampioene fierljeppen wurden by de froulju. Linich klimt hja hjir*